

Se komme

*Dit ferske kin ek útspile wurde:
bgl.: De bern rinne troch de boar-
tersromte en op de grûn lizze like-
folle hoepen as bern.*

*As it ferske fan Sinteklaas songen
wurdt, rinne se stadich troch de
romte.*

*As it ferske fan swarte Pyt songen
wurdt, rinne se fluch en bij de lêste
rigel springe se yn 'e hoep.*

*It ferske kin ek mei poppekastpop-
pen of fingerpopkes útspile wurde.*

stadich C G

Dêr komt Sin - te - klaas mei syn grut wyt burd. Hy fluch
is al hiel âld en hy rint net hurd. Dêr
komt Swar - te Pyt, hy is sa - mar te plak, hy
springt mei ge - mak op it heech - ste dak!

tekst en muzyk: Geartsje Douma

